

Margryt Poortstra

Ynhâld en ynspiraasje

Op 5 novimber 2011 waard yn Riis yn Hotel Gaasterlân in Skriuwersbounwykein hâlden. Seis skriuwers wiene útnoege om wat oer harren skriuwerij te sizzen mei as tema 'Ynhâld en ynspiraasje'. Trije – Greet Andringa, Hein Jaap Hilarides en Margryt Poortstra - hawwe wat se dêr sein ha sels op skrift steld, fan wat de oare trije– Hidde Boersma, Koos Tiemersma en Akky van der Veer. - nei foaren brocht ha (en de neipetearen) is troch Teake Oppewal fan Tresoar in ferslach opmakke. Alle seis stikken binne foar pleatsing op dizze ôflevering fan Ensafh beskikber steld. De lêzers fan Ensafh krije sa de gelegenheid om ek by de auteurs yn 'e keuken te sjen. Moai. Hjir de bydrage van Margryt Poortstra. Klik foar de oare bydragen troch nei: Greet Andringa, Hidde Boersma, Hein Jaap Hilarides, Koos Tiemersma en Akky van der Veer.

De ynspiraasje foar de roman Suster, oer de suster fan Vincent van Gogh, krige ik op in hiel âld tsjerkhôf, dat ferburgen leit yn 'e bosken op 'e Feluwe en dat net mear brûkt wurdt. Doe't in kollega, dy't earder yn 'e psychiatryske klinyk wurke dêr't ús organisaasje no mei fusearre is, my fertelde fan in tsjerkhôf dêr't oant yn 'e jierren sechstich pasjinten en wurknimmers fan dy klinyk begroeven waarden, wie ik nijsgjirrich en woe dêr wolris sjen. Oer smelle paadsjes en bytiden oan 'e knibbels ta troch it gers belânen wy op it hôf, dat der stil en fredich hinne lei. Prachtich dat stik skiednis. Oan ien kant fan it terrein stienen grutte stiennen, hjir en dêr mei in stekje of in keatling deromhinne en it measte fan 'e opskriften wie noch te lêzen. Oan de oare, de grutste kant, stienen lytse krúskes mei inkeld in nûmer derop. It wie al gau dúdlik dat de grutste stiennen boppe de grêven fan genêshearen en haadferpleechsters stienen, dat de lytsere stiennen troch famylje fan pasjinten pleatst wienen en dat al dy oaren, mei de lytse krúskes, hjir iensum en anonym op it lêste oardiel leinen te wachtsjen.

Op in stuit kamen wy by in opfallende, brede stien. Willemina van Gogh, stie derop, mei berte- en stjerdatum. Fierder neat. En ja, wist myn kollega my te fertellen, dat wie wier de suster fan. Sy hie hjir sa'n fjirtich jier opnommen west.

Dêr lei myn ferhaal. Al lang lyn hie ik de brieven fan Vincent van Gogh lêzen. De haadpersoanen dêryn wienen foaral Vincent sels en syn broer Theo. Ik wist dat Vincent út in grutte húshâlding kaam en dat syn heit dûmny west hie, mar hoe't it no allegear krekt siet, en wa't dy suster wie, dat wist ik net mear. It kontrast koe hast net grutter: hy ferneamd oer de hiele wrâld en sy hjir, fjirtich jier opsluten en op in ferburgen plak begroeven.

Noait earder hoegde ik my ôf te freegjen oft wat ik skreau wol kloppe, mar as ik oer Willemyn van Gogh skriuwe woe, dan moast ik my goed yn har en alles om har hinne ferdjipje foar't ik har yn in roman stopje koe.

Nei dy earste flits haw ik dêr skoften op omkôge. Ik kaam der al gau achter dat in ferhaal dat inkeld oer Willemyn gong te meager wêze soe, want safolle wie oer har net bekend. Oer Vincent wie genôch te finen, mar ik woe beslist net dat sy troch har broer wer yn it skaad kaam te stean.

Der moast in oare haadpersoan bykomme, it ferhaal moast yn in ramt pleatst wurde en ik kaam út by ús beppe en de psychiatry fan 'e jierren tweintich.

Foar my is it altyd hiel wichtich dat ik my in plak foar eagen hâlde kin, in gebou, in doarp. Om 't ik sels in pear jier yn 'e ferpleging wurke ha yn gebouwen dy't yn deselde tiid boud binne as dy op Veldwyk, de ynrjochting dêr't Willemyn ferpleegd waard, koe ik de keammerkes fan de ferpleechsters en de sealen foar de pasjinten goed foar my krije. Foar de skiednis fan 'e psychiatry en dy fan Veldwyk yn it bysûnder koe ik myn hert ophelje yn it argyf fan 'e museumkommisje. Ik ha dêr hiel wat âlde notulen lêzen en kaam op in stuit sels tsjin dat in broeder Poortstra by de direksje komme moast om 't hy in pasjint slein hie. Hy waard oerpleatst nei in susterklynk yn Wolfheze.

It sykjen en sneupen wie suver ferslaavjend en it koste my muoite om dêrmei op te hâlden en oan it skriuwen te begjinnen.

Wilens hie ik my ek ferdjippe yn in tsjûk skrift, dat yn it besit wie fan in omke, dêr't ús beppe har libbensferhaal yn begûn wie te skriuwen. Ik tink dat se der op in stuit gjin nocht mear oan hie, want doe't se mei it ferslach oan har trouwen ta wie, is se dêrmei opholden. Ik ha dêr stikken út brûkt. Net dat ik har letterlik sitearre ha, mar foar de sfear en de tiidsgeast wie it in prachtich autentyk ferhaal. Hjir hie ik de twadde haadpersoan. Ik liet beppe út Fryslân wei nei de Feluwe en de ferpleging yngean en hie dêrmei tagelyk in foarbyld fan al dy minsken dy't yn it ferline sa'n selde reis makke ha.

Willemyn skreau in protte brieven nei har broer Vincent, dy't meastal yn it bûtenlân wie. Ek de oare suster, de ferpleechster, skreau nei har broer, dy't nei Amearika emigrearre wie. By it sykjen haw ik op ynternet sels de mei de hân skreaune papieren fûn fan Ellis Island, dêr't syn persoansgegevens yn stienen. Under de titel 'Suster' kamen dus de twa haadpersoanen en it berop fan ferpleechster – yn dit gefal yn 'e psychiatry - byinoar.

Yn 'e tiid dat ik neitocht oer it ferhaal en under it skriuwen haw ik hieltyd in foto fan it grêf fan Willemyn by de hân holden. It wie sa'n iensum en fergetten plak. Ik ha dêr ek noch in pear kear west. Ien kear leinen de grêven ûnder in tekken fan snie.

It tsjerkhôf liket net op in hôf dêr't no noch minsken begroeven wurde. Der stean beammen omhinne en by hjerst en winter lizze blêden op 'e grûn, dy't as men der oerhinne rint, wat fearje fan it moas dat derûnder leit. Blommen bloeie der net, der lizze gjin koesbisten by bernegrêven en der baarne gjin ljochtsjes. Alles is keal.

Ek doe't it boek der wie haw ik noch in kear nei it grêf west as in soarte fan ôfskied. Wat ik dêr seach rekke my mear as ik sizze kin: foar de stien fan Wil van Gogh stie in vergeetmijnetje yn bloei. Foar my persoanlik betsjutte dat wier wat en even tocht ik dat it in moai beslút fan it boek wêze kinnen hie. Mar nee, sentimenteler koe it hast net, en boppedat: gjin minske soe it leauwe.

Foarm en technyk.

Ik woe mar fierder gean mei de roman fan fan 'e moarn: Suster. It ûnderwerp en de tema's wiene dúdlik. Ik hie op in rychje wat ik der allegear yn hawwe woe: in part fan it ferhaal fan Willemyn, dêromhinne dat fan de ferpleechster, mei op 'e achtergrûn de psychiatry fan om en neiby 1925. Mar no moast de brot noch in foarm krije.

Ik tocht nei oer it perspektyf en besleat dat it ferhaal fan ús beppe, de jonge frou dy't út Fryslân weigong om ferpleechster te wurden, yn de ik-foarm moast. It hie ek te krijen mei myn eigen skiednis: op in goeie dei ferliet ik ek it âldershûs om yn Ermelo, itselde plak as dêr't de ynrjochting fan de roman stiet, de ferpleging yn te gean. It is tagelyk it ferhaal fan in hiele protte minsken, foaral froulju, dy't dyselde reis makke ha. It hat fan it begjin fan 'e foarige ieu oant yn 'e santiger jierren duorre. Ek dêrom fûn ik it in ferhaal wurdich.

Dochs woe ik net dat alles yn 'e doetiid spile. Ik hie it tsjerkhôf en it grêf foar eagen en woe dêr ek oer fertelle. Om dat op te nimmen moast ik yn elk gefal oer de dea fan Willemyn hinne rikke. De speurtocht, dêr't ik sa'n aardichheid oan hân hie, dêr woe ik eins ek wol wat oer kwyd. Wêrom soe ik de notiid, mei alle mooglikheden fan sykjen, net gewoan fermelde? Ik betocht noch in figuer, dêr't alles wat ik fertelle woe, skiednis foar wie. Sa koe ik de ôfstân dy't ik sels fiede yn 'e tiid troch har eagen sjen litte.

Dêr moast it begjinne. Op it momint dat myn eigen sykjen begong, mei de middels dy't iksels ek ta myn beskikking hie. De roman begjint mei de kompjûter, dy't ik noch altyd beskôgje as

in geweldich wûndermiddel om oan ynformaasje te kommen, betsjinne fan ien dy't dêr handich mei is. Foar myn gefoel hear ik by in generaasje dy't dat allegear net mear byfytse kin. Persoanlik bin ik in digibeet en it koste my net in soad muoite om my yn in âlde frou te ferpleatsen dy't wat dat oangiet mei bewûndering opsjocht nei de jongste generaasje. Mei it begjin yn 'e notiid, koe ik, om it âlde ferhaal te fertellen, net oars as gebrûk meitsje fan flash-backs. En dat haw ik ek dien.

Mei it idee dat lapen ferhaal de feart derút helje, hie ik gjin muoite mei dat hinne-en-werjen tusken de notiid en it ferline. Dat koe ik krekt goed brûke. Wat it perspektyf oanbelanget hie ik al foar de ik-foarm keazen dêr't it om de ferpleechster gong. Om 't de ferhalen oer Willemyn van Gogh sels fan yndirekte kanalen kaam, haw ik foar de stikken dy't oer har gear keazen foar in alwittende ferteller, ek om de hiele breedte fan sitewaasjes en persoanen om har hinne yn byld te krijen. In útsûndering dêryn foarmje koarte stikjes fanút de belibbingswrâld fan Willemyn, dêr't út blykt dat sy in patologyske wize fan tinken en fielen hie.

Wat fierder oan 'e oarder kaam, wienen de brieven dy't beide susters oan harren bruorren skreaunen. Oan dy fan Willemyn woe ik net komme, om't dy net fêstlein binne. Inkeld no en dan blykt út brieven fan Vincent dat sy him faak skreau. De ynhâld dêrfan woe ik leaver te rieden litte. De brieven dy't de ferpleechster skreau oan har broer, brûkte ik om it ferrin fan it ferhaal yn in oare foarm te jitten. Sa soe de lêzer op in oare wize op 'e hichte bliuwe fan de ûntwikkelingen. Tagelyk soe it tiidsbyld wat betrouberder wêze as wannear't dat achterôf beskreaun wêze soe. Mei de notiid fan 'e brieven soenen lêzers wat direkter yn 'e tiid fan de jierren tweintich lutsen wurde.

It komt der úteinlik op del dat ik de notiid brûk om de lêzer tichter by de situaasje te belûken. Datselde jildt ek foar de kar foar it ik-perspektyf.

De alwittende ferteller komt oan bod as it ferhaal wat breder wurdt en de ôfstân helpt om in algemien sicht op de skiednis te krijen.

Yn dizze roman haw ik gebrûk makke fan fiksjonele brieven, mar foar itselde hie ik kranteknipsels of soksawat brûkt om op in oare wize de ûntwikkelings te folgjen.

Om hjir en dêr it ûnderskied oan te jaan tusken wat sein of tocht wurdt, of as ik in sitaat brûk, in dream, of neam mar op, dan mei ik ek graach gebrûk meitsje fan skeane print.

Fierder hâld ik net fan lange haadstikken en knip ik ek dêryn de tekst faak noch yn lytsere stikjes.
